

Liturgy foar 'e snein yn it Kristoktaaf

yn de Sint Jan fan Deinum

31 desimber 2023

Foargonger: dû. Harrie Strubbe

Oargelist: Rinze Leeverink

Lektor: Jelle Bangma

-Oargelmusyk
-Wurd fan wolkom en meidielings
-Begjinliet: Liet 500: 1, 2 en 5

-F. : De Hear wês mei jim!
-Gem.: Syn frede wês mei jo.
-F. : Us helper is de Ivige
-Gem.: Skepper fan himel en ierde.
-F. : Yn jo ljocht sjogge wy elkoar:
-Gem.: minsken fan jo wolbehagen.
-F. : In waarme boarne fan frede binne Jo,
-Gem.: wy tankje Jo mei hert en siel. Amen

-Psalm 100: 1, 2 en 4

-Kyriegebed

-Gloria: Liet 487

-Gebed fan 's snein

-Profetenlêzing: Jesaja 61:10- 62: 3

*Ik bin troch alles hinne bliid yn de Heare
en mei hert en siel jubelje ik om myn God.
Want Hy hat my klaaid yn heil
en my de mantel fan gerjochtichheid oandien,
sa't in breugeman in pryster-tulbân opset
en in breid har opsiert mei har juwielen.
Want sa't de ierde it gewaaks útsprute lit
en in tún it sied opkomme lit,
sa sil God de Heare gerjochtichheid en lof
útsprute litte foar it each fan alle folken.
It giet om Sion en dêrom hâld ik my net stil,*

*it giet om Jeruzalem, en dêrom kin ik net ophâlde,
foar 't syn rjocht sa klear as de dei is
en syn heil ljochtet as in baarnende fakkel,
foar 't de folken sjogge, datsto oan dyn rjocht komt
en alle keningen dyn gloarje gewaar wurde.
Dan krijsto in nije namme dy't de Heare sels neame sil.
Do wurdst in fûnkeljende kroan yn de Heare syn hân,
in keninklike tulbân yn 'e hân fan dyn God!*

-Liet 176: 1 en 4

-Evangeeljelêzing: Lucas 2: 25-40

*No wie der yn Jerzuaalem in man dy't Simeon hiet. Dat wie in
fromme, deugdsume man, dy't de fertreasting fan Israel
ferwachte. En hillige Geast wie oer him. Dy hie him ynjûn, dat
er noch foar syn stjerren de Messias dy't God tasein hie, mei
eigen eagen sjen soe.
Dreaun troch de Geast, kaam dy man de timpel yn. Krekt
brochten de âlden it jonkje Jezus yn om mei him te dwaan wat
wetlik wizânsje wie.
Doe naam Simeon it jonkje op 'e earmen, prize God en sei:
'No jouwe Jo, Hear, jo tsjinner it frij om nei jo tasizzing yn frede
hinne te gean;
myn eagen hawwe ommers de ferlossing sjoen dy't Jo tarêt
hawwe foar it each fan alle folken,
in ljocht om de heidens it paad te wizen en in gloarje foar jo
folk Israel.'
De heit en mem fan it jonkje harken nij op fan wat der oer him
sein waard.
Simeon segene harren en sei tsjin syn mem Maria:
'Gâns minsken yn Israel sille – sa is it beskikt – oer dit jonkje
falle en troch him oereinkomme. Hy is set ta in teken fan God,
dat tsjinspraak opropt. Ek troch jo hert sil in swurd gean. Hoe't
party minsken oer him tinke, moat sa oan it ljocht komme'.*

Dêr wie ek in profetes, Anna, in dochter fan Fenuël, fan de stam Azer. Hja wie al in hiel âld minske en hie nei har jongfammetiid sân jier mei har man libbe. Se wie no in widdo fan fjouwerentachich jier. Noait kaam se mear út 'e timpel wei; Hja tsjinne God nacht en dei mei fêstjen en bidden. Krekt op dat stuit kaam se der ek by, brocht tank oan God en prate oer it jonkje mei elk dy't Jeruzalems ferlossing ferwachte.

-Liet 159A

-Oertinking

-Liet 527

-Foarbeaen, stil gebed en Us Heit

*Us Heit yn 'e himel, lit Jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme, lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou ús ús skulden
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersyking komme, mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want Jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid. Amen*

-Omtinken foar de kollekte

-Slotliet: Liet 511: 1, 2 en 4

-Seine

-Liet 511: 7

-Oargelmusyk